P2 – A1

AMENDEMINT

Wurklistpunt: Programbegrutting 2018 / Program 2 – Verkeer, vervoer en waterstaat
Underwerp: Ferfange kûmbuorden fêststelde buorskippen
De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op d.d. 02 novimber 2017
Wiziging/oanfolling : De kûmbuorden fan de fêststelde buorskippen net oer fiif jier te ferfangen mar yn it jier fan Kulturele Haadstêd 2018.
Taljochting: • Behâld en fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer. • De middelen/kosten hjirfan helje út de begrutting 2018 . • Sjoch taheakke riedsútstel yn 2016.
Ut namme FNP-fraksje S. Groenhof

Stemming:
Voor: FNP (6)
Tegen: CDA, CU, GBA, PvdA, VVD (15)
Verworpen

Riedsútstel

Ried	:	15 septimber 2016
Agindapunt	:	9
Status	:	Opiniearjend/Beslútfoarmjend
Program	:	Program 1 - Mienskip
Eardere behandeling	:	
Portefúljehâlder	:	
Amtner	:	mefr. D. Verbeek
Taheakke	:	-

Underwerp
Nammejouwing buorskippen

Foech ried/kolleezje:
De gemeenteried hat it foech om de nammen fan buorskippen fêst te stellen.

Wy stelle jo foar te besluten om:
de nammen fan de neikommende buorskippen lykas hjirnei fêst te stellen: Lytsepost, De lêste Stuver, Bouwekleaster, Hamsherne, De Koaten, Opperkoaten, Ophûs, Surhuzumer Mieden, Koartwâld en Kûkherne.

Ynlieding
Mei it fêststellen fan de 'Nota Frysk taalbelied' hat de gemeenteried ynstimd mei útfiering fan neikommende aktiviteit:
'Histoarysk ûndersyk nei de nammen fan de buorskippen en de nammen offisjeel fêststelle litte'.

Buorskippen
Yn de ried fan 23 juny 1958 binne trije nammen fan buorskippen offisjeel fêststeld: Blauforlaet, Reahel en Reaskuorre. Fan de oare buorskippen is net mear nei te gean oft de namme fan de buorskippen ea fêststeld is. De kûmbuorden fan de buorskippen binne allegear dûbeltalich, wêrby't de Nederlânske namme boppeoan stiet.

Hjoeddeistige situaasje
De neikommende buorskippen binne yn de gemeente Achtkarspelen mei dûbeltalige kûmbuorden fermeld. Wy stelle út om de nammen fan de buorskippen lykas neamd bij de 'nije situaasje' fêst te stellen.

Hjoeddeistige situaasje	*Nije situaasje*	*Falt ûnder*
Roodeschuur / Reaskuorre	Reaskuorre (fêststeld op 23 juny 1958)	Stynsgea
Blauwverlaat / Blauforlaet	Blauforlaet (fêststeld op 23 juny 1958) *	Stynsgea
Rohel / Reahel	Reahel (fêststeld op 23 juny 1958)	Stynsgea
Lutkepost / Lytsepost	Lytsepost	Bûtenpost
De laatste Stuiver / De lêste Stuver	De lêste Stuver **	Bûtenpost
Buweklooster / Bouwekleaster	Bouwekleaster	Droegeham
Hamshorne / Hamsherne	Hamsherne	Droegeham
De Kooten / De Koaten	De Koaten	Koatstertille
Opperkooten / Opperkoaten	Opperkoaten	Koatstertille
Ophuis / Ophûs	Ophûs	Surhuzum
Surhuizumer Mieden / Surhuzumer Mieden	Surhuzumer Mieden	Surhuzum
Kortwoude / Koartwâld	Koartwâld	Surhuzum
Kuikhorne / Kûkherne	Kûkherne	Twizelerheide

* Blauforlaet is de âlde Fryske stavering
** Stuver is nei alle gedachten de Grinzer fariant fan stoer

Te berikken effekt
- Behâld en fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer.
- It offisjeel fêststellen fan de nammen fan de buorskippen.

Arguminten
1.1 De Fryske namme wurdt de offisjele namme
Yn 1958 binne de nammen fan de buorskippen dy't ûnder Stynsgea falle, yn it Frysk fêststeld. Om konsekwint mei de nammejouwing om te gean en omdat eartiids yn 'e folksmûle meastentiids de Fryske namme brûkt waard, stelle wy út om de nammen fan de buorskippen yn it Frysk fêst te stellen.

1.2 De ferienings pleatslik belang en stichting Oud-Achtkarspelen binne akkoart
Wy ha de ferienings pleatslik belang (Bûtenpost, Droegeham, Koatstertille, Surhuzum en Twizelerheide) en de stichting Oud-Achtkarspelen frege oft hja ynstimme kinne mei it útstel foar Frysktalige nammen fan de buorskippen. Sawol de ferienings pleatslik belang as stichting Oud-Achtkarspelen kinne har hjir yn fine.

1.3 Der binne gjin konsekwinsjes foar húshâldings of bedriuwen
It fêststellen fan de nammen fan de buorskippen hat gjin konsekwinsjes foar húshâldings of bedriuwen dy't yn in buorskip wenje. De buorskippen meitsje diel út fan in doarp. Buorskippen ha net de status fan doarp krigen en de nammen binne ek net diel fan in strjitnamme.

Boargerpartisipaasje
Wy ha de belanghawwende ferienings pleatslik belang en stichting Oud-Achtkarspelen frege om advys.

Ferfolchtrajekt
Mei it fêststellen fan de offisjele namme fan de buorskippen, ferfange wy de kommende jierren de kûmbuorden mei hjirop allinnich de offisjeel fêststelde (Fryske) namme. Dit jier ferfange wy symboalysk de buordsjes fan ien buorskip, de oare buorden pas as ferfanging nedich is. Dat sil foar de earste buorden oer ûngefear fiif jier it gefal wêze.

Bûtenpost, 26 augustus 2016

it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris, boargemaster,

mr. drs. E.H.C. van der Laan G. Gerbrandy

Riedsbeslút

De raad van de gemeente Achtkarspelen;

lêzen it útstel fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan 26 augustus 2016 punt nr.: 9;

Beslút:

de nammen fan de neikommende buorskippen lykas hjirnei fêst te stellen: Lytsepost, De lêste Stuver, Bouwekleaster, Hamsherne, De Koaten, Opperkoaten, Ophûs, Surhuzumer Mieden, Koartwâld en Kûkherne.

Lykas fêststeld yn de iepenbiere gearkomste fan de ried fan de gemeente Achtkarspelen fan 15 septimber 2016.

De griffier,	De foarsitter,
mefr. J. van Hoppe MPM	G. Gerbrandy